

GKb 49

Gloarje foar God yn 'e heechste himel
en op ierde frede,
Hy hat yn minsken behagen.

Hy is ferskynd
as in flam yn in toarnstrûk,
hat Mozes yn tsjinst naam
fan achter de keppel
om wille fan minsken

Hy is ferskynd
as in stim út 'e fjoersee,
in himelske ljochtglâns,
dy't spriek de Tsien Wurden
om wille fan minsken.

Hy is ferskynd
as in fjoer op it alter
betusken de tinten,
in troan fan genede
om wille fan minsken.

Hy is ferskynd
as in minske yn Jezus,
dy't weinimt de sûnden,
it Ljocht fan 'e wrâld is
om wille fan minsken.

tekst Ria Borkent, by Lukas 2:14 – 'Glorie aan God in de hoogste hemel'
oersetting David de Jong
meldij Willem Vogel